

Gjin blommen en taspraken

Frysk en Frij silger

De abonné's op „Frysk en Frij” krije hjoed it lêste nûmer fan dit blêd yn 'e bus. Der is fan 'e wike noch in nûmer fan fjouwer siden, hwerfan krapoan trije mei advertinsjes, fan 'e parse komd, mar dan is it út. Piter Terpstra, Durk van der Ploeg en it Bistjûr fan de Freonen fan Frysk en Frij komme yn it lêste nûmer noch ris oan it wurd, lyk ~~as~~ ek Akke de Ka. Sels dy fielt har net lekker. „Ik fiel my sa raer. Ik bin sa biroerd (. . . .) Ik wol noch net dea. Ik wol't net bistjerre (. . . .)” Mar it komt dochs net klear. „Doe wie ik forboun. Oan âld Fryslâns grou. Dêr't mannich ka. Syn lêste plak foun”.

Al binne net alle nûmers fan de 22ste jiergong útkommen, wol soe „Frysk en Frij” noch graech it abonnemintsjild ha wolle fan de lju, dy't noch net oer (hiel) '66 bitellen. „De bigraffenis fan in kranke kostet ek jild en wy wolle net graech, dat der de skande oer dizze deade hingjen bliuwt, dat er mei skuld útknypt is. Dêrom forwachtsje wy rynske help fan allegear, dy't noch net earlik lyk binne mei de forstoarne”, sa skriuwt de Boelbiredder.

Wy, dy't langer of koarter mei Frysk en Frij to krijen hawn ha, gean net yn bitterheit út elkoar, skriuwt Piter Terpstra. Der binne foar it Frysk noch mooglikheden. Wy binne nou safier, dat de provinsje mear docht as de selskippen en de Fryske Kultuerried mear as de krite. Mar it lege plak yn de Fryske parse mei net leech bliuwe. Mei de stipe fan alle selskippen en fan allegearre, dy't noch heil yn de posysje fan de Fryske tael sjogge, hiene wy wol in knap blêd yn stân hâlde kinnen”.

„It forstjerren komt jin altiten oer't mad”, mient Durk van der Ploeg. „It kin goed wêze, dat dizze ribbe út 'e Fryske taelpolityk fordwynt om plak to meltsjen foar in nij en better orgaen, dat miskien nochris forskine sil ûnder in namme, dy't minder pretinsje hat. In blêd, dat dan ek út in oare rounte fan minsken weikomme moat, dy't finansieel-ekonomysk net de ynstelling fan de Friezen hat. Maar genôch oer de krantekultuer, sa bislút Van der Ploeg syn artikel „It lyk fan Jintsje”. „Der wurdt wer ien útdroegen. Al is it net mei blydskip, gjin triennen, ik gean sjongend myn wei. En hwat de forstoarne oanbelanget: de lêste winsk: Gjin blommen, gjin taspraken”.